

Utnoeging foar de jiergearkomste fan Toanielklup

“De Harmonie”

Yn kafee “It Wapen fan Baarderadiel”

Op 7 april de jûns om 20.00 oere

1. Iepenjen
2. Meidielings en ynkommen stikken.
3. Oantekens jiergearkomste 2025
4. Jierferslach 2025-2026
5. Ferslach ponghâlder+kaskommisje kontrôle
6. **It kommende seizoen** : *Takom jier is it 150 jier lyn dat de Harmonie oprjochte is. It hjoeddeistige bestjoer wol dêr op in moaie wize omtinken oan jaan. Soks freget in soad tiid. Der moat fansels djip yn it ferline dûkt wurde. Oer it kreative hoe en wat besteane noch gjin konkrete plannen mar der wurdt op om prakkeseard. Lykwols moat der ek wer in útfiering op priemmen set wurde. De ôfrûne tsien jier binne op de jiergearkomsten regelmjittich bestjoersferkiezings west. Dat smiet net folle op. De sittende bestjoersleden besleaten om dan mar wer by te tekenjen want de Harmonie moat al bestean bliuwe sa wiene wy fan betinken. Wat leeftiid oanbelanget binne de measte bestjoersleden al lang net mear in ôfspegeling fan de Jorwerter ynwenners. It bestjoer wol him graach ynsette as jubileum-kommisje. Dêrnjonken soe dan in ny bestjoer mei jonge entûsjaste minsken oantrede moatte. It soe dochs skande wêze as it nei 150 jier ophâld te bestean.*
7. Omfreegjen.
8. Slúten mei hooplik nye bestjoersleden.